

Wenje yn it Wetterlân

Wa kaam oan'e doar?

Bij ús kamen twa winkellju út Grou mei in skou. Dat wiene Boonstra en Gerrit Adema. Dy kamen tiisdeis te freegjen. Dan skreaunen se yn in boekje op wat ús mem ha woe en in pear dagen letter brochten se de boadskippen. De iene wike kaam Boonstra en de oare wike Adema.

We moesten út skoalle wei ek wol ris wat meinimme nei hús. Dat hellen we dan út de winkel. We gongen leaver nei Gerrits Hieke as nei Boonstra. Fan frou Boonstra krigen we nammentlik in plat fiichje en bij frou Adema in hantsjefol suertsjes. Dy hiene we folle leaver fansels. Beide winkels wiene ticht bij elkoar. Hast op it plak wêrt no de jeugdherberch stiet.

Alle dagen hiene we in bakker oan de doar en op tiisdeis en sneons sels twa. Bij ús kamen de bakkers Andringa, Halma, Buma en Hans de Jong. Us mem sei wolris: "Wat moat ik no wer keapje." Dus se naam fan elk mar wat. Se hiene fjouwer bern dus je koene wol wat brûke. Andringa wenne achter de tsjerke nêst de dominy. Elkenien kaam mei in skou en Halma hie der in moterke yn. Wy neamden syn boatsje: "de Breabak."

Der kamen bij ús gjin Sint Piterriners. Wij wennen te fier fuort. Bolriners moesten dan itselde paad nimme dat wij winterdeis lâns moesten. Dat diene se net.

Pieter Sytema brocht bij ús de turven. Syn turfhoek stie oan de Suderkade achter de Westerbuert. Hij fear mei in pream fol turf ús opfeart yn. Hij telde de turven yn in koer. Bij elke kuorfol sette er in streepke. Nei fjouwer streepkes kaam it fyfde der skean trochhinne. Turvje neamden se dat. Dat gie troch oant der genôch levere wiene. Op'e foarkant waarden de turven moai opsetten. De oaren kamen der los achter. Dan hiene we ús winterfoarrie wer.

De peteroalje dy't noadich wie foar de stellen waard brocht troch Johannes Zwerver. We hiene earst gjin elektrys. Dat hat Willem Leistra oanlein doe't ik in jier of seis wie. Je moesten der dan altyd om tinke dat je de knopkes de goeie kant omdraaiden.

Der kaam net in slachter bij ús. Us heit gong sneons sels nei it doarp om it molkjild op te heljen en as we wat fan de slachter noadich hiene helle er dat bij Buwalda. Sels slachten we alle jierren in baarch. De baarch gong yn de hjerst mei de pream nei de Boerewâl, mei in stik tou om in achterpoat dan koe er net útnaaie. As in baarch ien kear hurd begjint te rinnen dan kin je him hast net bijhâlde.ⁱDan rûn er nei Siebe Uilkema. Dat wie de noodslachter dy't bij de Boerewâl wenne. Dy slachte him. In pear dagen letter waard it fleis, it spek, de woarsten ensa yn amers en tobben ophelle. De siden spek kamen op skragen yn'e kelder en waarden ynsâlte. De oare kant in wike letter. Dan kaam it spek en ek de woarsten boppe de kachel yn it spekhok te hingjen. Wie it drûch dan koe it duorje en kamen de woarsten oan de balken en it spek op de heasolder. We ieten it spek oars as no. It wie altyd drûch spek. De earste bargelapkes waarden bakt yn rizel dat útbakt wie. Ik priuw it noch as ik der oan tink. Sa lekker farsk de greauwen op brea dy't fan it útbakken oerbleaun wiene. It fet út de longstâle kaam yn in kom. Letter waard dat brûkt om yn te bakken. It fleis waard allegearre bred en yn ferskillende pannen dien mei goed fet der oer. Om der foar te soargjen dat it fleis net bedjêren gong waarden dy pannen om beurten brûkt. Koelkasten wiene der noch net hê.

De bargekop waard ek sean. It fleis en fet der ôfsnien. Dêr waard “hoofdkaas” fan makke. Earst siede mei sâlt jittik en piper en dan kaam it as pudding yn in kom. Kâld koene je dat yn plakken snije foar op de bôle. As der romte yn it spekhok wie dan brocht Siebe ek wol ris woarsten bij ús. Dy moesten we dan foar him rikje. Wij hiene in kookkachel en ús mem koe goed stoke en rikje sei er. Dat moest mei hout en turf. Dat wie it lekkerste rikjen. Mei stienkoal koene je net rikje. Dat wie gjin goeie reek. Letter helle er dan de woarsten mei de skou wer op.

Der kamen twa minsken mei lapkes bij ús lâns. De iene wie Jan Faber út Wergea. “Kâlde Jan”, seine se dan omdat dy altyd yn syn hannen stie te wriuwen. En dan wie der Lardus Ysselstein ek út Wergea. Sij kamen simmerdeis ien kear yn de seis of acht wike. Se kamen mei in grutte koer mei in kleed derom en in toutsje dertroch en hânsels. Dan kamen se yn de keuken om sjen te litten wat se allegear te keap hiene. Lardus hie it measte kleanspul. Skelken, bêdeguod, ûnderguod en soksoarte dingen
Yn Grou wenne net sa’n lapkekeapman.

Wol kaam út Grou Bethlehem noch bij ús mei boereark: foarken, gripen, biezems, klompen, tou en sa. Ek hie er diggelguod yn’e skou. Bethlehem wie in broer fan ús mem en hij hie in winkeltsje achter de tsjerke.

Ut Grou kaam Durk Lolkes Bouma mei griente bij ús. Ek kaam der noch in grienteboer mei in boatsje út Warten en ek út Earnewâld kaam simmerdeis in mantsje mei tusearten en yn’e hjerst noch ien mei jirpels. Fan dy lêste kochten we de winterjerappels. Us mem hie sels ek in grientetúntsje. Om de kuilbult hinne sieten seadden en der kaam modder boppe op de bult. En dy modder wie har grientetúntsje. Se liet dêr tusearten en rapen groeie. De rapen bewarren we yn’t sân en de tusearten waarden ynlein yn in krúk. Dat wie mei suerkoal ek sa. Twa soarten koal fyn snije. Dan sâlt der op, in plankje mei in doekje der oer en dêr in grauwe stien op. De beantsjes kamen ek wol yn wekflessen. Dan waarden de wekflessen earst yn in hantsjettel mei wetter setten en de beantsjes sean.

Op it hiem hiene we noch parre- en appelbeammen. We hiene ien beam dêr sieten parren en appels oan. Dy wie inte. Der wie ek in beam mei bargemotsjes. Dat wiene lekkere parkes mar dy moesten fuort ek op oars waarden se bûksiik. Dan moesten je oanskile en krigen we alle dagen parresmots. De ringenetten koene wol duorje en waarden op’e solder dellein en dêr ieten we sa no en dan fan.

Je wennen achterôf hê. Dus dan hiene je nochris wat.
